

# It ferhaal oer de ein fan Serieuz Krêvtig

Helena Fošnjár



Oersetting: Geart Tigchelaar

**oare**wurden  
||| ||

**druge**besede  
||| ||

Co-funded by the  
Creative Europe Programme  
of the European Union



*Helena Fošnjar*

## **It ferhaal oer de ein fan Serieuz Krêvtig**

Dit ferhaal fettet de skriften gear fan Artem Heldersjend, dy't de loyaalste ûnderdien en tagelyk de skribint wie fan de romrofte hartoch.

Serieuz Krêvtig wie in jonge hartoch. Hy fierde it grutte leger fan it Lân fan Grize en Blauwe Wetters oan. Gloarjerike ferhalen fan syn soldaten waarden hieltiten op 'e nij ferteld yn de doedestiidske bekende wrâld. Yn dit ferhaal stiet Krêvtig foar in bitter ein. Hast oan 'e ein ta stie it hiele leger njonken him. It wie it machtichste leger dat ea foarme wie yn 'e ferhalen dy't oer dy wrâlden ferhellen. Likegoed stie it op in dei foar in stêd dêr't it ophâlde moast te fjochtsjen.

It wie de fjirde wike sûnt Serieuz Krêvtig yn dizze tragyske skiednis bedarre wie, hy wie de meast beprate minske dy't ûnder de sinne en ferwulft tahold yn dy dagen. It barde allegearre nochal hommels, mar alle soldatetroepen út alle hoeken en hernen fan 'e wrâld longeren nei striid.

Op in dei seach it kriichsfolk dat mei Krêvtig sels oprûn om nij lân te ûntdekken in bûtenlânsk leger yn 'e fierte. Mei grutte eagen seagen de ienheden fan Krêvtig syn swiere kavalery nei de faasje en koördinaasje fan bewegings fan de yn rigen opstelde wite hynsten. Tusken dy stienen in opfallend soarte fan bôgesjitters. Harren bôgen wienen lyts, mar yn de pylkkokers oer harren rêgen sieten lange stielen pylken. Harren útrêsting wie net allinnich feilleas makke, it wie ek nochris prachtich om nei te sjen. Alle soldaten yn Krêvtig syn leger wienen perfekt klaaid en alle soldaten wienen altiten sêd en nea toarstich. Hja wienen sa goed as net te ferslaan, mar ek swier en stadich. Krêvtig syn fjildslaggen duorren lang. Se sieten fol mei komplekse strategyske besluten, mar in nederlaach hienen se noch net meimakke.

Fuortendaliks stjoerde Krêvtig in boadskipper nei de skitterjende kavalerytroepen ta. In flugge ruter draafde by it ravyn del en waard goudgiel klaaid troch it jûnsljocht. Hy hie dit boadskip by him: 'Myn namme is Serieuz Krêvtig en myn leger is it machtichste leger ûnder de sinne. Wy komme yn frede. Wy easkje jim skatten net. Wy sille jim lannen mei jim diele, allyksa jim minen en wettermûnen. En sa ûntfange jimme, nommele manlju, alle rykdommen fan alearen fan it Lân fan Grize en Blauwe Wetters en de genede fan harren hearsker, Radimir Fjogtersbaes.'

Doe't de boadskipper it berjocht foarlêzen hie, stoarre er nei it bûtenlânske leger en de glâns fan al dy harnassen ferblinde him. Der waard gjin inkeld wurd sein troch de soldaten, se dienen oars net as him swijsum oansjen.

It folgjende stuit loeken de ruters oan 'e leien en de fuotsoldaten dienen in stap tebek dêr't de grûn fan skodde. Hja draaiden harren om nei it ravyn ta, nimmen dy't mar in tel omseach nei de boadskipper.

Krêvtig wist dat er gjin andert krigen hie sels foar't de boadskipper mei in allesizzende útdrukking op syn antlit weromkommen wie. Mei in stadige trêd en majestueus ritme folge syn bataljon it leger sûnder namme en mei glâns fersierd. Doe't it tsjuster ynfoel waarden der fakkels oanstutsen, it wie net harren gewoante om frjemd gebiet binnen te fallen nei sinne-ûndergong.

In kâlde moarnswyn waaide tsjin de kliffen oan om it oanbrekken fan in nije dei oan te kundigjen. It leger klom omheech by in kleau del – dy't almar smeller waard, sadat der net twa hynders njonken inoar troch koenen – nei in drûch plato. Oan 'e kime glinstere der eat as in briljant juwiel.

De deis derop ferdrûgen de kielien fan Krêvtig syn soldaten troch de baarnende sinne. De sinne gie de hiele dei by de wolkeleaze himel del. Doe't de sinne efter de bergen yn 'e fierte ûndergie, realisearre Krêvtig him dat de juwiel in stêd wie, dêr't it leger dat se de deis derfoar moete hienen weikaam. Hy wie oerweldig, mar hy wie in militêre oanfierder. Hy trune mei geweld syn hynder oan en rôp: 'Foar't it nacht wurdt, slaan wy ús kamp op foar de stedsmuorren!' De soldaten waarden rêsteleas. Mar hja wisten nei alle gedachten net wat Krêvtig wol wist, dat der mar in pear fan sokke grutte en prachtige stêden binne dy't it minskdom betinke kin en dêrnei ek bouwe kin.

Se kamen by de stêd oan. Serieuz wachte in hiele wike. Al syn ferkenners waarden nei it kamp taroppen. Hy wachte op al syn kanonnen, sels de swiersten, dy't lang om let oanrôljen kamen út it efterlân wei. De deis derop stjoerde er in geskink nei de stedspoarte. It wie net sasear djoer, mar it wie unyk yn syn pracht, in bol fan fjoerstien yn alle kleuren fan 'e loft. Foar him gie it om erkenning. Hy stie dêr fan folle moanne oant tsjustermoanne ta.

De oare moarns stjoerde er in boadskipper nei de stedspoarte ta om oan te kundigjen dat der in oanfal kommandeweis wie en dat hy, Krêvtig, dêr mei folsleine man en macht wie. Hy drige, om't er it wegerjen fan it geskink as in mislediging beskôge foar de gloarje fan it Lân fan Grize en Blauwe Wetters. De boadskipper, Krintsje Trien, kaam werom sûnder syn pinne brûkt te hawwen. Sadree't it jûn waard, ried er troch it kamp om te sjen hoe't lân der hinne lei by de soldaten. It wie rûnom stil, dat er net wend wie. Biertûnen leinen net oanrekke op 'e weinen. Doe't de nacht ynfoel gie er om 'e tafel sitten mei syn adviseurs en kompanjykommandanten. Hja wisten dat hja soldaten wienen en dat der foar harren net folle oars op siet as fjochtsje. 'Moarn, as de klok sân oere slacht, jouwe wy oarders oan 'e troepen. As de sinne ûndergiet, falle wy oan. Rein fan fjoer sil op harren delslaan,' konkludearren se.

It duorre dy deis in moai skoft foar't it op de flakte skimerich waard. Sadree't sinne oan 'e himel ferdwûn wie, skeaten fjoerballen út de lange rigen kanonnen wei. De heale nacht ferljochte Krêvtig syn machtige artillery it firmamint dat heech boppe de stêd útspande. Sa't hy nei de salvo's seach, skodholle er. 'Myn kannoniers laten my ornaris troch fjildslaggen sûnder dat ik mar ien finger omheech hoegde te stekken.' Letter dy nachts koest it lûd fan rôljende biertûnen troch it kamp hearre. Koest it jitten fan bier yn 'e kielen fan soldaten hearre, mar gjin kleilieten, likemin as bemoedigjende ferhalen fan it leger harren glorieuze ferline.

It waard moarn, mar Krêvtig bleau yn syn tinte. It soe faaks in goed idee wêze om de hynders om te kearen. De tins becroep him, mar hy wie te ferstuivere troch it oanskôgjen fan de klokketuorren fan 'e katedralen efter de wite muorren. Hy liet de spoaren slypje om dêrnei op it hynder te stappen. Hy ried by de muorren del en hy die der de hiele dei oer om der hielendal omhinne te riden. Hy hie in soad wûnders sjoen, guon waarden oproppen út syn oantinkens fan ferhalen oer de gloarje en wiisheid fan de âlde wrâld. Syn tinzen gienen nei syn leger: 'Gjin helden, útsein iksels. Wat is dit keninkryk eins ynein. Der is nimmen dy't wurden oerdrage kin. Allinnich oarders, befellen, bûgde hollen en stilte.

Is dit de hiele wrâld dy't ik ken? As in faam leit de skiednis alle nachten fan myn libben by my op bêd. Mar, wa is de man dy't as lêste foar sokke manjefike muorren stiet?'

Doe't er op syn moaie en fjurrige hynst it kamp ynried, kaam ien fan 'e kommandanten op him ôf en ornearre dat it faaks ferstannich wêze soe om wize mannen en harren boeken komme te litten. Mooglik koenen hja har in foarstelling meitsje hoe't immen syn wei frijmeitsje kin troch de tsjinslach hjirre oant it grutte fortún dêr. 'In biblioteek nei in slachfjild helje,' Serieuz syn bloed waard sûpe, 'hat altiten al bekend stien as in waanfoarstelling. Studearje op it slachfjild, bywannear't wy allegearre foar ús libbens huverje moatte? De weardefolle wittenskip oer modderige karrepaden lûke, by ûnwittende, plonderjende bindes del? Nea, myn bêste soldaat!'

Doe't Krêvtig dy deis syn rêst fine woe om te sliepen, kaam him in ferhaal yn it sin dat syn earste learaar, Neatus Netwittend, him ferteld hie doe't er noch hiel lyts wie. Oer hoe't de iene of oare kriichshear ien of oare fantastyske stêd ferovere hie. Hy besingele it en de belegering duorre in pear lange moannen. Hy wie de moedfearren ûnder de oanfallen gauris kwyt, mar de skientme fan 'e stêd wjerhold him fan it leger werom te lûken. Doe't de ravens sêd wienen fan de lêste stikjes fan syn úthongere soldaten en de mûzen alle tinten en touwen oan 'e katapulten opgnabbele hienen, stapte er úteinlik sels foar de poarten fan 'e stêd. Dy gienen waachwiid foar him iepen, hy stapte dertroch en dat wie it lêste wat ea immen fan him heard hie.

Krêvtig eange dat itselde lot him te wachtsjen stie. Hy seach himsels al stean, hoe't ynienen in pylk troch syn strôt sjit op it slachfjild of hoe't hy yn de smoarge tsjerker fan 'e fijân dei nei dei troch rotten opfretten wurdt wylst er noch sykhellet. 'Neat kin der barre sûnder in gefjocht,' wie it lêste dat er tocht foar't er yn 'e sliep foel.

Lykas hast alle moarnen stapte Krêvtig ek dy deis tusken syn troepen troch. Der wie oarder yn syn leger en de soldaten groeten him mei fleurige gesichten wylst er by harren delrûn. Hy wie bliid om te sjen dat se net ûntmoedige noch moedeleas wienen, nei't se dy nacht sa helpeleas nei de ûnoerwinlike stedsmuorren dikere hienen. Sadree't er efkes allinnich wie foar in stuit, knibbele er del en pakte in hânfol drûch sân. Hy gie oerein, die stadich syn fingers útinoar en seach hoe't it sân dertusken troch op 'e grûn foel. Syn donkere eagen begûnen wiet te wurden en hiel stadich foarme der yn harren djipten in inkelde trien dy't ynienen en alhiel as in grouwe drip fan simmerrein op de drûge ierde foel en dêr yn weiwaard.

Hy soe betocht wurde troch de wrâlden, dat wist er al in lang skoft. Wat in wolfeart, wat in wittenskip hie er oer de ierde útspraat! Hy wie de man dy't de siedden fan iuwen oan wittenskip yn de lege provinsjes siedde. Hy gie werom nei syn tinte en joech him del op syn beskieden stoel. Hy begroef syn gesicht yn syn hannen, plante de earmtakken op 'e knibbels en hie it idee dat er yn stien feroare. Libben, fongen tusken wat it is en wat it wêze wol, hie syn lykwicht ferlern.

Nochris twa dagen en nachten gienen foarby. De kâlde winen jûns kundigen de ein fan 'e simmer oan. It wie oan 'e ein fan de tredde wike sûnt se op de flakte oankommen wienen. Serieuz Krêvtig joech it befel oan it hiele leger om it kamp op te rêden en yn rigen op him te wachtsjen by it lemieren. Gjin tel earder foar't de dei oanbriek, gie de jonge hartoch foar harren stean. Hy wie sparsum mei syn wurden: 'Gean nei hûs ta. Ik sil sels ek nei hûs ta, nei't ik dizze stêd ferovere haw.' Der wie gjin inkelde soldaat dy't doarde of wist hoe't er tsjin him yngean koe. It wie lykwols mei spyt yn harren herten dat hja him farwol seinen, wylst er tusken harren troch gie en de soldaten stadich in rige foarmen.

Hja sakken ôf yn itselde ravyn, it ravyn mei de ûngelokkige moeting, in tryste wjerklank wie te hearren. Foar harren út dreauen lange en yngrize wolken fol mei rein oan 'e kime. Dat sicht fersterke foar de measten allinnich mar harren swarte foargefoel.

Krêvtig seach harren noch in hiel skoft nei, hoe't hja de safolste berchpas trochgienen en úteinlik stadich út it sicht ferdwûnen as in sulveren rivier yn it sêfte, mankelike skaad dat tekene waard troch de rotsen en kleauwen. Doe't de efterste kanon oer de lêste berchpas tûmele, waaide der in wynpûster troch de iensume hartoch syn rustbrune burd en hy miende dat er de see deryn rûke koe. Sûnder hastich te wêzen, sels in bytsje knoffelich yn folsleine útrêsting, draaide er him om. Allinnich hy en de stêd wienen oerbleaun.

Hy die in stap tichterby en de stêd kaam tichterby. Hy die noch in stap en rûn stap foar stap yn de rjochting fan 'e stêd. It duorre net lang foar't de stêd alles bediek wat syn eagen sjen koenen, sa tichteby wie er. Hy wist dat er dêr steanbliuwe soe. Hy loek syn swurd út 'e skie, mei soarch fersierd mei in learen lint, hold it stevich beet mei twa hannen en mei alle krêft dy't er yn him hie, sloech er it yn 'e drûge grûn foar him. Wêr't er ek seach, kamen hege muorren omheech en leunden tsjin de steile rotswanden oan. Boppe de muorren groeiden machtige en fersterke wachttuorren.

Hy strûpte it harnas út, knope de helm los en die 'm fan de holle. Hy gaspe de sulveren knibbelbeskermers los en lei alles kreas njonken him del. Hy stie in tel stil en brocht doe lûd en donderjend út: 'Myn namme is Serieuz Krêftig. Ik haw yn myn libben mannich lân ferovere. Dy haw ik allegearre befrijd út iuwen fan tyranny, sykten en ellinde. Ik haw de minsken sûnens, genede en leafde brocht. Noch nea earder yn myn libben haw ik witten dat der tusken dat wat ik feroverje en mysels noch wat oars yn stiet, eat dat ik altiten oer de holle sjoen haw. Ik bin dêr altiten mei myn ruters mei folle faasje oan foarby draafd. Wat ik oer de holle sjoen haw is dat ik noch nea wat yn myn libben ferslein haw, dat mysels ferslaan soe. Dêr't ik hjir op útsjoch, ferslacht my. De geast fan iuwen sil my yn libben hâlde, mar iksels bin ferslein. Ik bin safier hjirhinne rûn, sadat myn eigen sicht op jimme stêd my ferneatigje kin. Myn ein is hjirre, myn ein is it punt dêr't ik wei nei jimme sjoch. Lang libje it Lân fan Grize en Blauwe Wetters.'

Dêr fûn er syn ein. Lykas in kloft betize mosken dy't fan in rotsige klif ôfsjitte, lieten de stielen pylken de sombere loft trilje. Mei't dy Serieuz trochboarren en wylst de drûge moude om him hinne omheech dwarrele, spriek de machtichste hartoch ûnder de sinne syn lêste wurden: 'Tankewol, Heechheid.'

Op it plak dêr't er ea lei te ferrotsjen, groeide in grouwe beam mei in wielderige krún. Tûzenen tûken beaën ûnderdak oan fûgels dy't dêr harren nêsten bouwe koenen. Der wie mei de fûgels wer sjongen te hearren en de flakte waard wer grien.